



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LII nûmer 4

desimber 2003

ISSN 0166-6029

OPGONG OP KRYSTJUN

*Dêr stiet in âlde tsjerke mei in toer,
skean hingjend tsjin de wiete westewyn.
De rein rûz't kletterjend derom, deroer;
mar troch de ruten skimeret in skyn*

*sa waarm en goudich, dat in frjemd oerstjoer
mar fredich fielen rint de herten yn,
as doedestiids de harderskloft wjerfoer
by Bethlehem yn Efratha, lang lyn.*

*Hark, lûd en lûder streamt no it muzyk
fan simbel en trompetten troch de jûn
en tichterby komt ingleglâns as stjerren,*

*as libb'ne lampen sweevjend. Soe der wer in
lyts berntsje lizze op 'e blaustiennen grûn,
in Ljochtprins, delkaam út it himelsk ryk?*

Anne Jousma (1900-1981)

(Ut: 'Samle fersen', 1985)

Fan de Tsjerkwerter Hylke Feenstra krige ik kommentaar op it stikje 'Us nasjonaal alve-tal' yn LYTS FRISIA fan septimber, side 37, rjochterkolom. Dêr hie ik it yn oer syn eigen-talige advertinsjes yn it Deiblêd. Dy krante soe him wiisd hawwe op it grutte tal lêzers yn it Suderleech, dat allinne mar Hollânsk lêze koe.

Ik wie mis: it Lânboublêd hie him de 'goe-rie' jûn om tenei it Frysk yn syn advertinsjes

te mijen. Feenstra: "Hoefolle lêzers hat jim Lânboublêd?" De kranteman: "In 13.000." Feenstra: "De Ljouwerter krante mear as 110.000. Dan moat ik dêr mar mei myn ad-vertinsjes hinne." Doe krûpte de kranteman fuort yn lij, sa hied er it net bedoeld. Feenstra syn Fryske teksten bleaune wolkom.

It sil my net wer oerkomme, Lútsen Koois-tra, it muoit my.

IN FERRASSEDE GYSBERT JAPIKS-PRIISWINNER

Yn 1946 namen Provinsjale Steaten fan Fryslân it beslút om tenei in priis út te rikken foar Fryske literatuer: de Gysbert Japikspriis. De earste tiid waard de priis alle jierren útrikt, ôfwikseljend foar proaza en poezij. Nei 1953 waard it in twajierlikse priis en yn 1984 waard besluten om de Gysbert Japikspriis om de trije jier ta te kennen foar Fryske literatuer yn alle sjenres. De lêste jierren wurdt de priis wer om de twa jier útrikt. De lêste Gysbert Japiks-priis gong yn 2001 nei de dichter Tsjêbbe Hettinga foar syn bondel 'Fan oer see en fierder'.

Jan Jongsma

De dichter Obe Postma waard yn 1947 de earste priiswinner en in jier letter krige Nyckle Haisma de priis foar proaza. Twa skriuwers hawwe de priis twa kear takend krigen: Anne Wadman (1952 en 1989) en Trinus Riemersma (1967 en 1995).

Dit jier waard de wichtichste Fryske literêre priis takend oan Willem Tjerkstra fan Snits foar syn trilogy 'Ridder fan Snits'. Hy naam de priis - in oarkonde en in bedrach fan 5000 euro - op 13 novimber yn ûntfangst yn it stedhûs fan Boalsert, it berteplak fan Gysbert Japiks.

Tjerksta is in ferrassende Gysbert Japiks-priiswinner. Krekt as by foargeande útrikkings smiet by man-nich leafhawwer fan Fryske literatuer

Durk van der Ploeg fan Feanwâlden wer hege eagen. Al yn 1995, doe't Trinus Riemersma de priis foar de twadde kear wûn - foar 'De reade bwarre' - sei Piter Terpstra: "Ik fyn it spitich foar Durk van der Ploeg. Dy hie him hawwe moatten, syn wurk is it bêste fan de ôfrûne jierren. Hy is al fierste faak passearre." (Ljouwerter Krante, 7-9-1995). En yn de jierren dêrnei waard de namme fan Durk van der Ploeg hieltiten faker neamd as in kânshawwer. Mar yn 1998 gong de priis nei Piter Boersma en yn 2001 nei Tsjêbbe Hettinga. Ek dit jier waard Van der Ploeg wer gauris neamd. Mar de sjuery (dr. E. Hoekstra, drs. A. de Jong en dr. M. Spies) naam in oar beslút: de troch nimmen yn it foar tipte Willem Tjerkstra gong der mei

de heechste Fryske literêre eare fan troch.

Willem Tjerkstra, dy't yn 1943 berne waard, komt út in skûtsjeskipperslaach. Hy waard skoalmaster en wie ûnder oaren haad fan in basisskoalle yn Snits. De lêste jierren wurke er as beliedsmeiwurker Frysk by it GCOfryslân. As skriuwer debutarre er yn 1986 mei it opfallende jongereinboek 'De wite kastanje'. Hy skreau mear jongereinboeken - sa as 'It fjoer fan de ûnmacht' (1987) en 'De Marsbosk' (1990) - en as GCO-meiwurker ek boekjes foar jonge lêzers. Ek skreau er teksten foar in pear stripboeken. Yn 1991 ferskynde syn ferhalebondel 'Bline mosken'. In jier letter kaam syn earste roman op 'e merk: 'Finzen yn bylden'. Yn 1999 brocht de Kristlik Fryske Folksbibleteek (KFFB) it earste diel fan syn no priiswinnende trilogy 'Ridder fan Snits' út. De oare beide dielen ferskynden yn 2000 en 2001. Ferline

jier brocht de KFFB opnij in roman fan Tjerkstra út mei as titel 'Snijpunten'.

Tjerkstra hat de Gysbert Japikspriis dus wûn mei 'Ridder fan Snits', in rige fan trije histoaryske romans oer it libben fan de Snitser haadling Rienk Bockema (1350-1436). It is de earste kear dat yn de histoarje fan de Gysbert Japikspriis troch de KFFB útjûn wurk bekroane wurdt. Dizze ferrassende takenning is dus net allinne foar Tjerkstra, mar ek foar de yn 1934 oprjochte KFFB in lokwinsk wurdich.

Op 13 novimber, de dei fan de priisútrikking yn Boalsert, brocht de KFFB in 32 siden tellend boekwurkje út mei as titel 'Gysbert Japicxpriis 2003'. Dêr steane de taspraken yn dy't yn it Boalserter stedhûs hâlden waarden. It boekje is te bestellen by de skriuwer fan de KFFB: Dick Eisma, Jousterdyk 289, 8465 PH Aldehaske. Syn telefoannûmer is: 05131620812.

BEFERZEN WRALD

*Wy rieden oer it swarte iis
dat foar ús út mei triljend lûd
yn lange skuorren song.
Tusken it reid in stive fûgelflerk
dy't nei de himel wiisde.
Beferzen wrâld dêr't wy
ús tekens efterlieten.
Streekrjocht mar doelleas ûnderweis,
wylst sêft as froulju's-hier
de stilte hong.*

Baukje Wytsma (1946)

(Ut: 'Heech gers', 1987)

WAAROM FRYSLAN OOK WEL FRIESLAND MAG HETEN

Under dy kop skreau Mulder, haadsamler fan it eardere 'Hoofdblad van Friesland', syn wenstich sneonsstikje yn it Hollânsk, want "de Afûk jubileert en daarom staat er vandaag meer Fries in de krant dan anders."¹

Mulder klaget en kliemt gauris de hûndert út oer syn eigen sprake. Syn Ljouwerter is in Hollânsktalige krante, om't it Hollânsk - dat er Nederlânsk neamt - de taal is dêr't de krante al ieuwenlang yn ferskynt.² Sa'n argumint heart oars net thús op it nivo fan in haadredakteur: der soe nea wat feroarje as alles gelyk bleau.

B.J. Postma

Yn de lêste jiergearkomste fan ús Doarpsbelang gie it oer 'Bitgummole' foar it offisjele 'Beetgumermolen' yn it plak. In krappe mearheid sei fan 'it moat mar net'. Neitiid, ynstee fan foartiid, kamen de arguminten. It hie altyd al Beetgumermolen west, it hie sinten kostje sillen, ik haw tsjin-stimd omdat hy wol oars woe, dy nijnykommeling hie him noch wol wat efterúthâlde mocht, ensamear. Dat Mulder syn redenaasje net boppe dat nivo útkomt...

"Er zijn lezers die de normale portie (Frysk, BJP) al te veel vinden." Mulder mei der graach op wize, dat der foar guon lêzers tefolle Frysk yn syn 'Hoofdblad' stiet. Ik soe wolris witte wolle, oft dat wier is. Mulder jout der gjin oanwizing noch bewiis foar. Mar soe it wier wêze, dan woe ik wolris witte, hoe machtich dy 'guon' binne. Mulder neamt gjin tal. Fêst stiet, dat Beatrix "een lage dunk van de media heeft. Er staan veel feitelijke onjuistheden in de Nederlandse kranten en ook anderszins springt de pers

slordig om met de waarheid."³

Mulder kriget geregeldwei de goerie "op te houden met dat Fries, omdat de meeste mensen het toch niet kunnen lezen." Hy wit, dat dy útspraak net doocht, mar hy wjerleit him net. Syn eigen krante hie fanda-toangeande oars in enkête holden ûnder 400 grutte minsken; 273,6 fan harren (68,4 taal lêze.

By de 'ijveraars voor de Friese taal' soe it misbegryp bestean, dat "bij de LC de richtlijn geldt dat vijf procent van de redactionele inhoud in het Fries moet zijn." Mulder bewearet it wol, mar wêr't er it lêzen of heard hat, skriuwt er der net by. "Het zou een rare regel zijn. Waarom vijf procent en niet zeven of vier?" Ja, wêrom gjin sân? As Mulder fjouwer, fiif en seis persint redaksjoneel Frysk alle trije like raar achtet, as it him neat útmakket, jou de 'ijveraars voor de Friese taal' dan dy sân persint mar. Sa soe begjin makke wurde mei de befrijing út de taalûnderdrukking yn de Sixmastrjitte.

Hûnderttûzenen fan minsken

¹Ljouwerter Krante 19-4-2003, side 9.

²R. Mulder yn in brief fan 15-5-2001.

³Ljouwerter Krante 29-11-1999.

suchtsje ûnder it krantejok. Der mei wolris in dei wêze mei mear as sân presint krantefrysk, mar yn trochsneed is it helte minder: 3,14 útkomst fan eigen ûndersyk yn augustus fan 1986, al wer lang lyn, dat wol.⁴

"De meeste klachten komen over het gebruik van Friese citaten in Nederlandstalige stukken" - it binne no ris net de boeren dy't de kleisykte hawwe. Neffens it krektneamde ûndersyk fan augustus 1986 besloegen dy oanhalen net mear as 0,51 alle redaksjefrysk. Oer it persintaazje fan (3,14 - 0,51 =) 2,63 'oar' Frysk komme amper klachten. De 2,63 sûnder beswieren fan de kant fan de lêzers grutter en grutter makke wurde. Sa wurde lang om let de wrede taalboeiens dochs noch tebrutsen. En neat is slim foar har dy't ynmoedich wolle, mar 'waar geen wil is, is geen weg'.

Elkenien hat har/syn rinkelbel en Mulder is gjin útsûndering, hy hat synt. It fermôge 'Friesland' hoecht om him net wei te wurden, "omdat de meerderheid (krapoan 80 de Friese staten dat heeft besloten." Guon lju hâlde har net oan de tsien wurden út it tsjokke Boek, oaren net oan de spulregels fan it ferkear en Mulder hâldt him net oan op demokratyske wize nommen besluten fan de folksfertsjintwurdiging fan de Twiebaksmerk.

'Friesland' foar Mulder? 'Fryslân' is dochs de offisjele namme? "Ja en de officiële naam van het land hiernaast is ook 'Deutschland', maar de LC schrijft Duitsland of Dútslân." Briker as bryk kin de haadsamler it net

betinke. Dútslân mei 'Germany' yn Grut-Brittanje wêze en 'l'Allemagne' yn Frankryk, de Poepen hawwe it sels oer 'Deutschland'. Lyksa mei ús lân 'Frisia' yn Grut-Brittanje wêze en 'La Frise' yn Frankryk, wy brûke de offisjele namme 'Fryslân'. Sadwaande mei de 'Manchester Guardian' fan 'Germany' skriuwe en 'Le Figaro' fan 'l'Allemagne', it 'Berliner Tageblatt' skriuwt fansels fan 'Deutschland'. Lyksa mei 'The Independent' fan 'Frisia' skriuwe en 'Le Soir' fan 'la Frise', it Deiblêd skriuwt net oars as de offisjele namme 'Fryslân'. No is de 'Frankfurter Allgemeine' net minder as de Ljouwerter en de Frankfurter haadsamler net minder as Mulder tinkt my. Mar de Poep neamt syn lân fatsoenlik by de offisjele namme 'Deutschland', wylst Mulder nul en neat fan 'Fryslân' hawwe moat en mei syn frjemdtalich 'Friesland' de ientaligen nei de eagen sjocht.

De kranteman De Groot wie út oare reden pro 'Friesland - kontra 'Fryslân'. Hy helle it redaksjestatút oan - "de krant bevordert een vrije en harmonieuze ontplooiing van het Friestalig naast het Nederlandstalig element" - en skreau, dat dy harmony ûnderstek dien wurde soe troch in sa faak en yn safolle mooglike kombinaasjes brûkte namme 'Friesland' yn de Hollânske tekst hieltyd as 'Fryslân' te skriuwen.⁵ Yn 'Lyts Frisia' is der yndertiid op yngien.⁶ It streekrijochte bewiis fan Mulder en De Groot har ûngelyk is it Deiblêd.

Al wer wat jierren lyn hie GrienLofts-man Verf in 'Te Gast' yn

⁴Lyts Frisia XXXVI (1987), side 2.

⁵Ljouwerter Krante 25-9-1998.

⁶Lyts Frisia XLIX (2000), side 11.

de krante. Dêr stie de ferkearde lânsnamme yn. "Ik hie oars wol fan 'Fryslân' skreaun, mar dat hawwe se op har manear ferbettere," wie syn útlis neitiid. Taalferfalsking? "Nee hear," wie boargemaster Geersing syn ferwar yn in lyksoartich gefal, "in oersetting." En de fan de Ljouwerter opkochte streekblêden? Yn maaimoanne stie in Hallumer jonge frou mei in Frysk stikje by de 'Nieuwe Dockumer Courant' op 'e stoepe. "Nee hoor, wij zijn een Nederlandse courant." De tekst waard wol oannommen, maar kaam yn it Hollânsk yn de courant. As dat gjin taalferfalsking is.

Mr. Eradus, doetiids foarsitter fan it Ljouwerter Hof, hat it op 11 desember fan 2000 oer fjouwer ieuwen Frysk hân. Hja hie har der oer feruvere, dat ús sprake nettsjinsteande "de repressie in al die tijd zó levend was gebleven."⁷ Underdrukking, dêr hie de heechste rjochter yn ús lân it oer. En Gorter hat in foarbyld jûn fan de sterkte fan dy ûnderdrukking: sa'n 40 Frysk noch as memmetaal.⁸ Mar wa binne it, dy ûnderdrukkers? De oerheden mei har wetten en oarderings? De tsjerken, oars sa ticht

by de minsken, dy't it folk mei praat en preek foar it Hollânsk bûge litte? Sûnder de frage wiidweidich te beantwurdzjen, is it klear as de sinne, dat de kranten mei har 97

Jild moat rôlje. Mannichien is der fan op 'e hichte, dat de Ljouwerter wolris wat ús kant út rôlje lit. De Sixmastrjitte skreau hokkerjiers sels, dat er mear oan de emansipaasje fan it Frysk die, dan (!) hokker kran-testatút foarskreau én dat er it mei in soad niget die. Miskien is it wol wier, mar as de foks dominy is, mei men jins gies wol neigean. Ei no, wa't yn it FNP-boek de haadredak-sjonele anty-frysknasjonale skriuwerij lêst, lit har/him fuort net wat op 't ear plakke.⁹ Soe it wêze kinne, dat Je Maintiendrai de krante wat yn 't lyk hâlde wol en út reden fan Mulder syn moaie kolommen fan en ta mei in lyts dofke oer de brêge komt?

No, nei de alfte maart, is Frysk-nasjonaal ien fan de Grutte Trije. It liket my hiel wol mooglik ta, dat de haadsamler him wat tebekstallet, om moai wis by de earstkommende (Frysk)nasjonale ramp - yn 2006?, 2007? - fannijs fanwegen te kommen.

⁷Ut 'e Smidte 35 (2001), nûmer 1.

⁸Ljouwerter Krante 19-4-2003, Sneon en Snein side 10.

⁹K. Huisman, Tusken Fryske dream en Nederlânske macht, side 214-218.

myn taal

myn opgearre tinzen
skriuw ik op papier
rigel foar rigel
fan hjoed
en moarn
wurd foar wurd
letter by letter
swart op wyt
yn myn
eigen taal

de taal fan
myn mem
de taal fan
myn folk
de taal fan
myn heitelân

myn taal

Sipke Veenstra (1924-2002)
(Ut: 'myn taal', 1997)

DOUWE KALMA STIFTING SKRIUWT ESSAYPRIISFRAACH UT

Op 18 oktober wie it krekt in heale ieu lyn, dat Douwe Kalma ferstoarn is. Om dat te betinken hat it bestjoer fan de Douwe Kalma Stifting in essaypriisfraach útskreaun. De essays moatte gean oer it tema 'De wrâld en Fryslân'. Krektlyk as Douwe Kalma syn rede oer Fryslân en de wrâld (1916) moatte de essays yngean op de posysje fan Fryslân en sa likernôch 8000 wurden befetsje.

De essays sille beoardiele wurde troch in advyskommisje, dy't bestiet út: Klaske Jaspers, Goffe Jensma en Jelma Knol. De trije bêste ynstjoerings wurde beleanne mei bedragen fan 3000, 2000 en 1000 euro. De essays moatte foar 1 jannewaris yn trijefâld ûnder motto mei in apart briefke mei namme en adres fan de ynstjoerder ynkommen wêze by de skriuwer fan de Douwe Kalma Stifting: Metsje Gerlsma, Postbus 1288, 8900 CG Ljouwert. De presintaasje fan de publikaasjes mei de trije bêste essays sil plakfine op 3 april 2004.

De Feinten fan Fryslân

*Jim feinten fan d' âlde lânsdouwe
dêr't de maitiid sa fris is en bliid,
dy't krêft en ferhopinge jouwe,
jim dragers fan komstige tiid:
Lit sinne beskine jim siele
sa't it each fan fernoeginge blinkt;
litte plicht en trou jim skewiele,
en folgje dêr't Fryslân winkt.*

*Haw leaf en wês sterk! oer de loft
giet grut it geroft fan ús tiid;
fertwiivling hearsket, dizz' skoften,
't bewâld is oan hunger en niid -
Mar haw leaf en wês sterk! want dizz' ierde
is oan tiid-skoft fan ien dei net bûn;
ûnlijige winter moat skiede,
en ring hat wer Maitiid wûn.*

*Haw leaf it hûs fan jim âlden,
swiet drôgjend yn jûntiids-ljocht,
haw leaf jim marren en wâlden
dêr't sinne har laits oer brocht,
haw leaf de faam fan jim herte,
kein geande har maitiidswei,
haw leaf it lân fan jim berte,
swiid glânzjend yn ivichheids dei.*

*Wês sterk! want de wei fan ús dagen
is hurd en wûnet de foet;
jim soannen fan steatlike stagen,
stean sterk, wês krigel en froed.
Hâld de plicht aloan foar eagen,
wêz' moed jim bliuwende freon,
want tiden fan frede ferteagen
en neat as striid is bleaun.*

*Haw leaf en wês sterk! ús lânsdouwe
hja bout en betrouw op jim;
sil hja sinke yn duorjende rouwe,
of jubelje, bliid fan stim?
It dimmene Fryslân, it djoere,
jim is it yn hannen jûn -
Mei dan God jim deden stjoere
en bystean, eltse stûn'!*

Douwe Kalma (1896-1953)

(Ut: 'Wy roppe de libbenen', 1941)

De Skreau fan Bisten

*Ik hear stimmen ta my kommen
út alle hoeken fan de ierd'.
De skreau om help fan tûznen bisten,
dy't men nei it libben stiet.
Of, dy't net mear libje meie
nei har eigen weard' of aard,
skeind, misfoarme troch de minske
inkeld út op eigen baat.*

*Ik sjoch eagen ta my kommen,
fol benaudens, wyld en grut.
't Har oandien leed deryn te lêzen,
eagen hol en bluodrich read.
'k Woe, 'k soe tûznen hannen krije,
op dit stuit en wêr't ik mar gean,
om al dy skepsels te befrijen,
dy't ûnder wrede oermacht stean.*

Gepke de Vries

(Ut: 'As de kouwen iepen gean', 2003)

PRAAT FAN RIEDS- EN KOMMISJEFOARSITTERS

- "De Fryske beweging hat in soad ta stân brocht (...) It draachflak is grut wurden (...) Se moatte opnij radikalysearje, in bytsje 'de gespeelde onredelijkheid' wêze (...) En dêr kinne de oaren komfortabel achteroan, dy sitte dan yn de lijte en kinne har dingen dwaan." (L.J. Jansma, 'de Moanne' nûmer 2, 2003, side 16.)
- "(...) dat de striid tsjintwurdich te nuet, te saaklik en te organisatoarysk is. Men soe de beweging gâns mear aventoer, fantasij, radikalisme en aktivisme tawinskje." (B.J. Fridsma, 'Nea ferbrutsen bân', side 8).
- De útnoeging oan Kommissaris fan de Keninginne, Deputearre Steaten en Provinsjale Steaten om te taallearen, dy't yn in KU/SGP-moasje op 18 juny 2003 yn de steategearkomste ûnder wurden brocht waard, woe Frysk-nasjonaal net op bite.

B.J. Postma

Mear as genôch reden om it ris oer de taal fan rieds- en kommisje-foarsitters te hawwen. Hollânsk is de taal fan de Menamer frou Van Delft-Jaasma - dy't hjir wol wei komt, mar jierren yn Hollân wenne hat - en Hollânsk is Roersma syn taal as er it as foarsitter yn de Menamer riedskommisje hat tsjin de boargemaster, it ientalige lid of in Hollânsk pratende ynsprekker. Mar de FNP-fraksje dan? Dy heart by 'de oaren', dêr't Jansma it yn 'de Moanne' oer hie. Dat sa dwaande.

Mannich Friezinne/Fries hat op 'e tribune fan de Assemblée Nationale fernommen, hoe oars it dêr om-en-ta giet. In lid mei de taal fan Hollân of Noard-Korea sprekke, de foarsitter wurdt der oars noch oars fan, dy ferbrekt him net, dy praat gewoan Frânsk. Yn Frankryk binne se, bestjoerders en folksfertsjintwurdigers,

har bewust fan de glâns en gloarje fan har sprake en besmotskje se de lânseare net.

Yn ús lân leit it oars. Foar nochal wat boargemasters en kommisjefoarsitters is de taal fan beppe en pake, fan mem en heit de frjemde taal wurden, dy fan de ynboarlingen. Wurde sokken yn de taal fan Hollân of fan Noard-Korea oansprutsen, dan prate se sûnder euveldoed en deagemoedereard flotwei Hollânsk of Noard-koreaansk werom. It is de frucht fan fjouwer ieuwen taalpolityk. "Mar wylst de ûnderdrukking oanhâldt, sjonge wy bliermoedich: 'We shall overcome some day'." (Fridsma, l.c. side 281)

Frankryk en Fryslân yn it iene Jeropa feriene en dochs noch sa ûngelyk. Mar rieds- en kommisje-foarsitters sille bydrage ta in gruttere ienheid. Ik stel in 'European Conference on good Chairmanship' út,

in Jeropeeske gearkomste oer fatsoenlik foarsitterjen. En út Menaam en Madrid, Snits en Seinajoki, út alle hoeken en hernen fan Jeropa komme foarsitters byinoar. Se hawwe kar út twa: a. it Frânske model, b. it Menamer model. Nei in yngeand en wiidweidich besprek fan it foar en tsjin fan elk fan dy beide komt de gearkomste yn grutte ienriedigens ta in mienskiplik beslút. Plak en tiid fan de gearkomste? As ús b. en w. myn útstel oernimme en de foarstap nimme, kin de konferinsje skoan yn Menaam holden wurde by gelegenheid fan de iepening fan it nije gemeentehûs.

Nei de konferinsje feroaret der einlings en te'n lêsten wat yn de riedsen kommisjegearkomsten. Wint Frankryk de slach, dan foegje de foarsitters har nei it Frânske model, dan roalje de boargemasters, fan byge-

lyks Drachten en Ferwert, Snits en Warkum har persoanlike taal oan de lânsprake. Mar wint de rykskommisaris drs. E.H.T.M. Nijpels de gearkomste foar it Menamer model, dan feroarje de boargemasters fan bygelyks Drylts en Grou, Wommels en Wytmarsum fan taal. Lit ús hoopje, dat reedlikens en ferstannigens de trochslach dogge.

Wat Menaam oangiet, leit der al sûnt 30 septimber fan 1993 in profylskets foar de doe noch te beneamen nije nûmer Ien: *Hy/sy moat de Fryske taal passyf behearskje en as it heal kin, ek aktyf. In aktive opstelling oangeande de Fryske taal en kultuer is in eask, dy't ta utering komme kin yn de reewilligens om him/har it Frysk aktyf eigen te meitsjen.*

It wurdt tiid, dat de rie ris op 'e tsjettel slacht en syn tasizzing oan Menameradiel fan in Frysk-pratende frou Van Delft-Jasma neikomt.

Wysheden of gewoan moai sein (3)

- ♥ Garjen en sparjen makket stiennen bargaen fet.
- ♥ "Goed datsto net leard hast, fanke!" sei de boer tsjin syn wiif, "der hie in bêste boerinne oan dy ferlern gien."
- ♥ As dwaan net doocht, is litten better.
- ♥ De optimist sjocht tusken it túch blommen. De pessimist sjocht tusken blommen it túch.
- ♥ "Ik hâld my oan it âlde," sei de boer, "dan kom ik fansels wer yn 'e moade."
- ♥ In jong wiif is in âldman syn deakiste.

-
- ♥ Der steane in bulte minsken mei in bosk kaaien yn 'e hân foar de poarte fan it lok, mar hja kinne it kaaisgat net fine.
 - ♥ Dy't syn wurd hâlde wol, moat net tefolle ôfprate.
 - ♥ Der binne minsken dy't in ingel yn 'e mûle ha en de duvel yn 't hert.
 - ♥ Dy't mei alle minsken yn frede libje wol, moat neat sizze... en dan rêdt er it noch net.
-

Anneke Jousma:

OANTINKENS OAN US HEIT (III)

(Anne Jousma: 1900-1981)

“**A**lsjebliëftdankjewel.” Mei dy fêste ridel stapte hy dan fleurich it stekje út: it fatsoenlike âlde mantsje, dat bytiden oan 'e doar kaam om wat sliten klean of lapen op te keapjen. It spul waard woegen oan sa'n hingjende skealje en it brocht dan inkelde dûbeltsjes op. By it oanrikken fan dat kaptaal tikke hy oan 'e pet, sei syn 'tankwurd' en brocht it guod nei syn bakfyts. Jimme begripe, dat wie de foddeman, mar wy hiene it altiten oer 'Alsjebliëften-dankjewel'.

En wat de keaplju oangiet, dêr't ik it yn myn lêste stikje oer hie. Se kamen alle dagen lâns en dat liket in hiele lúkse, mar ús mem moast it yn dy tiid wol dwaan sûnder kuolkast en dêr steane wy no net mear sa by stil. Us mem-en-dy hiene mear wurk oan it húshâlden as hjoeddedei. Tink allinne mar ris oan de elektryske apparaten fan tsjintwurdich!

De fyts en de tram wiene ús ferfiermiddel. Wy fuottelen nei skoalle en letter mei de step. Us heit gong op 'e fyts nei syn skoalle oan 'e Miente. Hy hat der wol 25 jier lesjûn en dêr leit syn moaiste Haachske tiid. De (sizze wy no) âlderwetske MULO wie in deeglike oplieding yn in hiel soad fakken foar bern, dy't foarearst noch net oan de HBS ta wiene. Wat der my

noch fan bystiet, is dat heit de learlingen fan de earste oant en mei de fjirde klasse begelate. Tsjintwurdich neame se dat 'klassementor'. De fakken Nederlânsk, Dútsk, Frâns, skiednis en fysika wiene meast foar heit syn rekken. It lesjaan wie ús heit op it liif skreaun en hy gong der hielendal yn op. It begûn al de lêste wike fan de grutte fakânsje: alle moartiden nei de skoalle, it klasselokaal útsykje en oanklaaie mei printen. Kasten ynoarder meitsje, boeken (troch de skoalle útliend) by elkoar fandelje en dan mocht ik en letter myn suske wol gauris mei. Dat fûnen wy wakkere moai en nijsgjirrich om troch de grutte gongen te sjouwen en mei te helpen om skriften en boeken te skiftsjen. Oft ik op it skoalleboerd skriuwe mocht,

wit ik net mear. It liket my ta, dat ik dat graach die... 't Is nuver en spitich, mar der is wer in gat yn it ûnthâld!

It lesjaan gong heit goed ôf. Hy koe hiel byldzjend fertelle en lessen oer de skiednis fan Hollân, de Europeeske lannen en fêst ek it âlde Egypte waarden foar de bern hiel nijs-gjirrich beljochte. En wat te sizzen fan de Friezen, de Franken en de Saksen!

Likernôch tsien jier lyn wiene myn suster en ik noch by in reuny fan in klasse, dy't heit fjouwer jier begelaat hat en dêr hearden wy dy lûden nochris. "In strange master, geweldige ferteller." En de âld-learlingen fûnen dat se in soad algemiene ûntwikkeling meikrigen hiene en se hiene moaie oantinkens oan de toanieljûnen, sa as de jierlikse kryst- en maaiespullen. Dêroer letter.

Heit die syn wurk mei hert en siele en stuts in protte tiid yn de tarieding thús. En dan jûns al dat korreksjewurk fan steapels skriften! En tink der om: der moast kreas skreaun wurde en gjin gegriem, want dat koste ek punten! No rekkenje mar, dat it spul der fersoarge útseach. Wy sieten as bern wol faak oan deselde tafel, sadwaande hawwe wy bergen skriften foarby gean sjoen.

Heit hie fansels ek syn eigen studearkeamer boppe en dêr hat er ek hiel wat wurk ferset. Yn alle gefallen wie dat it domein, dêr't syn dichtwurk ûntstie en de teksten fan foardrachten foar de stúdzjeklub, in ûnderôfdieling fan de Fryske Krite 'Rjucht en Sljucht'.

Op syn studearkeamer kaam ek de

útwurking fan it krystspul 'Het oude Verhaal' op papier. Dat sit sa: al ridlik gau sloech heit mei de bern oan it toanielspyljen. Dat begûn mei it skriuwen fan in ienakterke, ik tink foar in opfiering op in âlderjûn. Ik wit net krekt wannear't it begûn, mar wol dat it by de spilers en de regisseur och sa yn 'e smaak foel. No wurke heit oan in iepenbiere skoalle, mar hy fûn dat de bern - út hokker fermidden se ek kamen - de betsjutting fan it krystfeest goed dúdlik wêze moast. Sadwaande kaam it der fan om foar de winterfakânsje in opfiering fan in krystspul te hâlden. Tsjintwurdich binne der safolle krystspullen, mar yn dy tiid - goed fyftich jier lyn - wie it wat bysûnders. It krystferhaal kaam ûnder it lêzen fan bibelteksten yn koart sênes foar it fuotljocht omliste mei koarsang (ûnder lieding fan kollega Dercour) en ôfwiksele mei fersen útsprutsen troch ien fan de ingels. Alles by elkoar wie it altiten in sfearfol barren. Ik tink ek omdat it sa moai wie om te sjen en te fielen dat de bern sa mei oerjefte yn harren rol wiene. Op de lêste dei foar de fakânsje kamen de learlingen fan alle klassen om bar nei de aula en ien of twa jûnen siet de seal fol mei âlders en ús mem mei har dochters. Foar ús wie it dan echt Krysttiid! En sa is it jierren gien.

Thús wachte de krystbeam op ús en as de echte kearskes in inkeld oerke baarnden, dan sieten wy der alle fjouwer om hinne en harken nochris nei it krystferhaal. En fansels yn it Frysk!

Oant de oare kear.

- ☆ Yn septimber ferskynde de twadde roman fan de yn 2000 ferrassend debutearjende Marga Claus. Trije jier lyn kaam har roman 'Oxzana, ferhaal fan in flechtling' út. It boek rekke al gau útferkocht en der moast in twadde printinge komme. No leit har twadde roman yn 'e boekwinkel: 'De heit fan Serafyn'. It is in útjefte fan Afûk/Utjouwerij Fryslân.
- ☆ Dizze moanne ferskynt by Utjouwerij Bornmeer it twadde diel yn de rige Shakespearestikken, dy't troch Douwe Kalma yn it Frysk oersetten binne. Yn maaie kaam it earste diel út: 'Kening Lear'. De útjefte dy't no ferskynt, is 'Trije komeedzjes'. Krekt as by it earste diel is Eric Hoekstra no ek wer de besoarger.
- ☆ Fryslân hat der in nije útjouwerij by: Utjouwerij Venus yn Frjentsjer. It is in ûndernimmen fan de skriuwers Josse de Haan en Trinus Riemersma, earder tige aktyf foar de Koperative Utjouwerij (Q). Venus kaam yn septimber daliks mar mei fjouwer útjeften op 'e merk. Yn it foarste plak wurk fan Trinus Riemersma sels: 'Healwize oanslaggen', in roman yn filmsenario-útfiering. Ek ferskynde in bewurke werprintinge fan it yn 1974 ferskynde 'It moaiste famke fan Antarctica' fan R.R. van der Leest, no troch Venus oanlutsen as ûntwerper fan de boekomslagen. De roman is in diel fan Van der Leest syn Nier- en Dyntesyklus. De tredde Venus-útjefte is de fersebondel 'De skaadfrou' fan Klaske Hiemstra. As lêste kaam in bondeling fan reaksjes op it literatuerkrityske wurk fan Jabik Veenbaas út mei as titel 'In dynamyske diskusje'. De besoarger fan de bondel is de dichter Harmen Wind.
- ☆ Ferline jier debutearre Henk de Haan fan Jobbegea as romanskriuwer. Syn 'De nacht fan de stroffelstiennen' sloech aardich oan en der kaam in twadde printinge. SE nt koart leit de twadde roman fan De Haan yn 'e boekwinkel. It is de histoaryske roman 'Marije' mei as ûndertitel 'Oarloch en leafde yn 'e Spaanske tiid', in ferhaal dat him ôfspilet yn de Tachtichjierrige oarloch. De roman waard útbrocht troch de Friese Pers Boekerij.
- ☆ Utjouwerij Bornmeer bringt in rige boeken foar wat âldere bern op 'e merk. It is de Vita-rige, in searje boeken oer Fryske histoaryske persoanen yn de foarm fan in biografy. As earste ferskynde yn septimber 'De tsien fan Nynke fan Hichtum' fan Anny de Jong, in boek oer de skriuwster Sjoukje Bokma de Boer. Se is better bekend as Nynke fan Hichtum (1860-1939). It is dit jier krekt in ieu lyn dat har 'Afke's Tiental' ferskynde, dat letter yn it Frysk oersetten waard troch T. Eisenga-de Groot. Dy Fryske oersetting ferskynde yn 1957 as 'De tsien fan Martens

Afke'. Yn 1989, fyftich nei de dea fan Nynke fan Hichtum, kaam in nije Fryske oersetting fan Jant van der Weg/Laverman út.

Foar de Vita-rige binne ynearsten njonken Anny de Jong noch twa skriuwsters oanlutsen: Lida Dykstra en Akky van der Veer. De lêste is dwaande mei in foar bern gaadlike biografy fan Bonifatius dy't takom jier, it jier fan de Bonifatius-betinking, ferskine sil.

- ☆ De KFFB bringt by gelegenheid fan it 70-jierrich bestean begjin takom jier de útjefte 'Teatske Alzum en har wrâld' út. It boek is skreaun troch de Skotske skriuwster Kate Ashton, dy't in pear jier yn Moarre wenne hat en yn 'e besnijing rekke fan libben en wurk fan Teatske Alzum (1899-1962), dy't altiten yn Moarre wenne hat. De Fryske oersetting is fan Jacobus Knol. De troch Kate Ashton yn har skôging neamde ferhalen binne as blomlêzing yn de útjefte opnommen. Teatske Alzum dreau yn 'e mande mei har suster in winkeltsje. Yn har frije tiid skreau se gauris in ferhaal en ek de roman 'Iepen finsters', dy't yn 1963 ferskynde. Yn 1965 waarden har ferhalen bondele yn 'Diggels'. De NCRV-televyzje ferfilme yn 1978 har ferhaal 'Boete dwaen'. By gelegenheid dêrfan brocht de KFFB yn dat jier in kar fan har koarte ferhalen út mei deselde titel as de (Frysktalige) film: 'Boete dwaen'.

JJ: *FRYSKE KARBRIEF FERIENING 'DE FRYSLANNEN*

Sûnt in lytse twa jier is it wetlik mooglik om karbrieven fan ferienings en stichtings by de notaris yn it Frysk fêst te lizzen. De earste twa stichtings dy't dêr daliks gebrûk fan makken wiene de Douwe Kalma Stifting en de Stichting Slachtemaraton. Spitigernôch meitsje oant no ta te min Fryske ferienings en stichtings gebrûk fan de mooglikheid dy't de wet biedt. It soe folle faker barre moatte. Begjin oktober liet de feriening 'De Fryslannen' wer sjen hoe't it moat: it karbrief fan de feriening waard yn Burgum yn it Frysk opmakke. Spitich dat de meiwurkers fan it notariskantoar it Frysk noch net folslein yn 'e macht hawwe, want der sit nochal ris in steurend taalflaterke yn. Nei oanlieding dêrfan soe 'k ferienings en stichtings, dy't beslute om harren statuten yn it Frysk opmeitsje te litten, de ried jaan wolle om in taalkenner te freegjen om nochris kritysk nei de tekst te sjen.

'De Fryslannen' komt yn alle gefallen in komplimint ta, dat se de kar foar it Frysk makke hawwe. De feriening organisearret alle jierren op Himelfeartsdei in reis fan seis dagen nei Noard-Fryslân. Dit jier wurdt de reis, dêr't de lêste jierren in soad belangstelling foar is, fan 20 oant en mei 25 maaie hâlden.

Koartlyn kamen de leden fan it kolleezje fan Deputearre Steaten wer ris byinoar. It waard in gearkomste fan histoaryske betsjutting. Nea earder wie har gearsit yn sa'n grutte ienriedigens ferrûn, nea earder hie de berettens yn it fermidden sa grut west. It besprek soe de bestjoerders noch lang heuge, mar noch helte langer soe har beslút it hiele lân yn it ûnthâld bliuwe.

De slûchslimme Beiman, dy't oer de ekonomy gie, hie in dream hân, mocht it wat in oarsoartigenien wêze as King synt fan 23 augustus 1963. De deputearre ferhelle derfan yn it kolleezje. "Earst lykwols de feiten," sa sei er. "It giet lang net goed mei ús lân, it gas wurdt ús ûnder it gat weisûgd. Alle jierren weroan giet foar miljoenen en miljarden oan gas ûnder de grûn troch de grinzen oer, alle dagen wurde wy earmer. Meikoarten sille wy de kaaien op 'e kiste lizze moatte. Dan is Friesland - hy ferpofte it om 'Fryslân' te sizzen, BJP - ferlern en sitte wysels sûnder wurk. Wiswier komt der geregeldwei in gemeente 'frij', mar wy binne seisresom!"

It fermidden wie der glêd mei oan. De kommissaris fiede him ferret. Dat syn Majesteit en dy Balkenende him sa ferrifele hienen, dat se him der alhiel bûten holden hiene. Sa't prins Bernhard yn 1940 de kant fan it nije lân holden, p-p-p- hie, sa woed er sels ek mar: hy soe mei Fryslân stean. Doe't er it beslút nommen hie, frege er - noch sa bleek as in doek - oan Pyt, hoe't se der mei oan soene.

Us nasjonale 'gas-deputearre' hie der al oer dreamd: "It liket my it bêste ta, dat wy it Keninkryk Rânestêd mei al syn win- en stoartgewesten de oarloch ferklearje. It stiet fansels wol fêst, dat wy dy ferlieze. Sadree't dan de frede wer tekene is, sille wy Bush op 'e lije side oan. Hawwe de steaten net as earsten yn 1782 de ûnôfhinklikens fan de trettjin Feriene Steaten erkend? Dêr mei meikoarten wol ien en oar foaroer stean. Sekfollen dollars sille wy krije. *) Mar noch helte foarnamer is, dat Bush De Haach de wacht oanseit: 'Tink der goed om, jimme. Jim hâlde de hannen tenei thús en jim bliuwe fan Fryslân syn gas ôf.' En op dy foet geane wy goudene tiden temjitte en hâlde wysels wurk teminsten."

Pyt hie suver alle maten fan syn gelyk oertsjûge. Dy bearden, dat er alderprachtichst dreamd hie. 'It' moast mar oangean. De heechachtbere soe it folk op 'en gausten op 'e hichte bringe. Mar ien fan de deputearren, de wiiste en de âldste, hie syn moed net rjocht, hy hie gjin fidúsje yn sa'n oarloch. "Want," sa sei er betochtsum, "hoe komt it as wy de striid winne?"

*) De Amerikanen hawwe yn 1782 tûzen gûne foar ús fansiden lein foar it gefal dat in oar lân net fan ús ôfbliuwe koe. By in trochgeande rinte fan 9 nei de kommende oarloch in kaptaal fan 171.328.474.094 gûne foar ús klear. As de offisjele maffia der ôfbliuwt, is dat kaptaal grutternôch om ús lân wer op te bouwen.

YNLEVERJEN KOPIJ: Foar it maartnûmer kin noch kopij ynlevere wurde oant 1 febrewaris. It giet dan benammen om bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis en Fryske striid. Opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869).